

**Portefeuillehâlder**

Broekhuizen |

**Datum kolleezjebeslút**

3 april 2018 |

**Opsteller**

Anna C. Teuben-Bokma |

**Registraasje**

|

**Wurklistpunt**

|

**Underwerp**

Ramtnota Fierder mei Frysk en Taalferoardening Frysk gemeente Heerenveen.

**Utstel**

1. Dûbeltalich fêststelle de ramtnota Fierder mei Frysk (mei 3 taheakken).
2. Dûbeltalich fêststelle de Taalferoardening Frysk en tagelyk ynlûke de Oardening Frysk yn it skriftlik ferkear.
3. Yn 2019 in struktureel budzjet beskikber stelle fan € 36.500 en, ek yn 2019, ienmalich in bedrach fan € 10.000 beskikber stelle foar de útfiering fan de ramtnota en de feroardening en dizze bedragen ferwurkje yn de begrutting 2019.

**Oanlieding**

Yn de gearkomste fan 26 novimber 2016 hawwe jo de startnotysje *Fierder mei Frysk* fêststeld. Dy startnotysje is makke fanwegen ôfspraken dy't der lizze mei (1) de provinsje Fryslân (*Bestuursovereenkomst Fries taalbeleid, 2013*) en (2) mei it Ryk (Wet gebruik Friese taal, 2014). Boppedat past de startnotysje binnen (3) it *Europees Handvest voor regionale talen of talen voor minderheden*. Dat is yn 1992 troch it Comité fan Ministers fan de Ried fan Europa fêststeld. It Nederlânsk regear hat dat Handvest tekene en ratifisearre.

It hjoeddeistich taalbelied fan de gemeente Heerenveen is yn 2008 fêstlein yn de *Oardening Frysk yn it skriftlik ferkear* en is mei yngong fan 1 jannewaris 2014 harmonisearre. Dat belied foldocht lykwols net oan de makke ôfspraken. Yn de startnotysje *Fierder mei Frysk* is in oanset dien ta nij taalbelied. By de behandeling fan de startnotysje hawwe jo besluten om earst de ambysje foar it Frysk foar de gemeente Heerenveen neier te ûndersykjen. Fierder hawwe jo besluten dat de útkomsten fan dat ûndersyk de ambysje bepale.

Dy ambysje is op ferskate manieren ûndersocht:

- yn it tsjinstferlieningsûndersyk (2016) binne fragen oer it brûken fan it Frysk steld;
- meiwurkers fan de gemeente ha in enkête ynfolle;
- der hat in petear west mei eksterne partners fan de gemeente;
- der ha petearen west mei meiwurkers fan de gemeente.

Op basis dêrfan én op basis fan de liedende prinsipes fan de nije koers foar it ûntwikkeljen fan de organisaasje (sjoch taheakke 3 by de ramtnota), is de ambysje sa't dy yn de foarlizzende ramtnota *Fierder mei Frysk* en Taalferoardening Frysk beskreaun stiet, formulearre.

It ûntwerp fan de ramtnota en fan de taalferoardening hawwe fan 26 jannewaris oant en mei 8 maart 2018 seis wike op besjen lein. Dêr binne gjin ynspraakreaksjes op kommen.

## Overwagings

Der binne ferskate oerwagings om yn te stimmen mei dit útstel.

Earste oerwaging is dat de gemeente Heerenveen foldwaan moat oan de ôfspraken sa't dy der lizze mei Ryk en Provinsje.

Twadde oerwaging is dat de gemeente Heerenveen oan dy ôfspraken foldwaan wol op in wize dy't past by de gemeente en by de manier fan wurkjen fan de gemeente.

Tredde oerwaging is dat de gemeente Heerenveen it belangryk fynt dat ynwenners, partners en meiwurkers belutsen binne by it ûntwikkeljen fan belied dat harren oangiet.

Fjirde oerwaging is dat de gemeente Heerenveen alles yn it wurk stelle wol om de relaasje mei klanten/ynwenners te ferbetterjen.

Dy oerwagings liede dan ta nij belied oer hoe 't de gemeente omgean wol mei it Frysk yn sawol it mûnling as it skriftlike ferkear. Utgongspunt dêrby is in útnoegjende hâlding, dat elk it Frysk of it Nederlânsk brûke kin yn it mûnlinge en skriftlike ferkear mei de gemeente (net omdat it moat, net omdat it heart, mar omdat it mei!). Nij is dat fan meiwurkers ferwachte wurdt dat hja it Frysk ferstean (of dat leare wolle); dat is yn de praktyk meastentiids al wol it gefal. Nij is ek dat eksplisyt fêstleit dat by klantkontakten de taalkar fan de klant liedend is, benammen by klantkontakten yn de 1e lijn.

Wat bliuwt is, dat der yn begjinsel keazen wurdt foar meartaligens: of yn it Frysk of yn it Nederlânsk (dus net dûbeltaligens). Wat ek bliuwt is it 'folgjend taalbelied' by skriftlike stikken dyn 't ynkomme by de gemeente en dat der fergees in oersetting fan in Frysk stik yn it Nederlânsk opfrege wurde kin.

## Effekten

- wy krije de opdracht om de ambysje sa't dy yn de ramtnota beskreaun stiet út te fieren. We sille dêrta in útfieringsprogramma meitsje en jo dêr oer ynformearje;
- meiwurkers en ynwenners krije romte om it Frysk te brûken. It doel is dat der yntern ek in petear oer taal ûntstiet;
- it wurdt better sichtber en better te hearren dat de gemeente Heerenveen in meartalige gemeente is;
- troch it bewustwêzen fan wat taal yn in petear docht en dêr goed mei om te gean, ferbetterje de relaasjes mei klanten/ynwenners.

## Belied en regeljouwing

- Europees Handvest voor regionale talen of talen voor minderheden.
- Wet gebruik Friese taal 2014
- Kêst 149 Gemeentewet
- Bestuursovereenkomst Fries taalbeleid 2013

## Finansjes, risiko's en behearsmaatregels

Yn de ramtnota stiet in útwurking fan de ambysje yn de praktyk beskreaun. Mei in grut part dêrfan binne gjin kosten muoid. In oar part kostet jild. De ynskatting is dat it giet om yn totaal € 46.500 wêrfan € 36.500 struktureel en € 10.000 ienmalich.

*kursussen Frysk yntern*

€ 16.500

Op basis fan ferlet oanjûn yn enkête en prizen fan de Afûk

<i>kursussen Frysk ekstern</i>	€ 7.000
Op basis fan in bydrage yn 10 kursussen per jier	
<i>oersetkosten</i>	€ 3.000
Op basis fan de Taalferoardening (oersetkosten fan in Frysktalich stik binne fergees)	
<i>stipe meartalige inisjativen yn de mienskip</i>	€ 10.000
<i>begelieding proses yntern besprekber meitsjen meartaligens en brûken fan it Frysk (ienmalich)</i>	€ 10.000
<b>totaal</b>	<b>€ 46.500</b>

By mear dielname oan de kursussen soe it útfieringsprogramma liede kinne ta in fraach om ekstra budzjet. Ek is (noch) net te oersjen oft en hoefolle kosten guon ekstra aktiviteiten yn it fêst te stellen útfieringsprogramma mei harren meibringe. Fansels komme wy dan yn 't foar by jimme werom mei in fraach om ekstra budzjet.

### **Ferfolchoanpak**

Wy sille de (mooglike) útwurking yn de praktyk sa't dy yn de ramtnota beskreaun stiet ferwurkje yn in útfieringsprogramma. Lykas bard is mei it ûntwikkeljen fan de ambysje sille wy ynwenners en meiwurkers yn dat proses behelje.

### **Kommunikaasje**

Neidat de ramtnota en de taalferoardening fêsteld binne, sille dy op de wetlike foarskreaune wize bekend makke wurde. En om't it ek de meiwurkers fan de gemeente oanbelanget, sil dêr oer kommunisearre wurde fia fean@wurk.

### **Relevante ynformaasje**

- Bestuursovereenkomst Fries taalbeleid (2013)
- Startnotysje mei riedsbeslút fan 26 novimber 2016;
- Ramtnota Fierder mei Frysk yn it Frysk en yn it Nederlânsk.
- Taalferoardening Frysk (Frysk/Nederlânsk)

It kolleezje fan boargemaster en wethâlders fan Heerenveen,  
de sekretaris,

de boargemaster,

de hear J. van Leeuwestijn

de hear T.J. van der Zwan

## Underwerp

Ramtnota Fierder mei Frysk en Taalferoardening Frysk gemeente Heerenveen.

De ried fan de gemeente Heerenveen;  
nei it lêzen fan it útstel fan it kolleezje fan boargemaster en wethâlders fan 3 april 2018;

sjoen kêst 149 van de Gemeentewet en de Wet op de Friese taal;

yn omtinken nimmende dat,

- de ried foldwaan moat oan de ôfspraken sa't dy der lizze mei Ryk en Provinsje,
- de ried oan dy ôfspraken foldwaan wol op in wize dy't past by de gemeente en by de manier fan wurkjen fan de gemeente,
- de ried it belangryk fynt dat ynwenners, partners en meiwurkers belutsen binne by it ûntwikkeljen fan belied dat harren oangiet,
- de ried alles yn it wurk stelle wol om de relaasje mei klanten/ynwenners te ferbetterjen.

## Beslút

1. De ramtnota Fierder mei Frysk (mei 3 taheakken) dûbeltalich fêst te stellen.
2. De Taalferoardening Frysk dûbeltalich fêst te stellen.
3. Yn 2019 in struktureel budzjet beskikber te stellen fan € 36.500 en, ek yn 2019, ienmalich in bedrach fan € 10.000 beskikber te stellen en dizze bedragen te ferwurkjen yn de begrutting 2019.

Sa fêststeld yn de iepenbiere gearkomste fan de ried fan 28 maaie 2018.

de griffier,

de foarsitter,

mefrou W.J.M.A. Jansen

de hear T.J. van der Zwan